

# It swurd fan (immen oars as) Grutte Pier

Richard de Boer

It Fries Museum joech earder dit jier it swurd fan Grutte Pier de haadrol yn 'e striid foar it bemasterjen fan 'e Museumprijs. As pr-stunt kaam der sels in fiktive claim op te lizzen. Mar de fraach oft it ûnbidich grutte âld swurd no wol echt fan Pier Gerlofs Donia west hat, wie fierder gjin tema. Wylst no krekt dêr in hiel ferhaal efter sit.

Reinder Politiek iepenet de doar fan 'e monumintale Laurentiustsjerke yn Kimswert. De 81-jierrige pensjonearre boer en doarpkronikeur liedt my troch syn fertroude tsjerke, lâns de ryklik ornamentearre grêfsarken op 'e flier, fan Heemstra's en Bonga's, allegear famyljeleden fan Grutte Pier. 'Sju,' seit Politiek, wylst er wiist nei in âld sânstiennen grêf yn it koar, 'dêr leit de pryster dy't Grutte Pier doopt hat.' In pryster mei de namme Johannes, ferstoarn op Sint-Vitusdei 1486. Syn grêfstien waard ûntdutsen by de restauraasje fan 'e tsjerke yn 2011. 'Doe't Grutte Pier geboaren is, wie dizze man de pryster fan Kimswert.' Dan it trepke op nei boppe yn 'e tsjerke, dêr't terpfynsten en oare lokale bysûnderheden útstald lizze. Der leit ek in stiennen kanonskûgel by dy't oan 'e Winkelsterleane, op it lân dêr't Grutte Pier syn pleats stie, fûn is troch de hjoeddeiske bewenner. 'Neffens in archeolooch moat dat in kûgel út Pier syn tiid wêze', ljochtet Politiek ta. Faaks in taastbere tsjûge út 'e dagen dat Pier syn pleats en de Kimswerter tsjerke delbaarnd

waarden troch Saksyske troepen. Kimswert soe ek in swurd fan Grutte Pier hawwe, mar dat is in hiel oar ferhaal. It swurd dat hjoed-de-dei yn it doarpshûs oan 'e muorre hinget, hat de eardere kastlein fan 'e doarpsherberch De Greate Pier meitsje litten, wit Politiek. 'Foar dy tiid wie der hjir gjin swurd te finen.'

## Een vleugje fictie

Nee, it echte swurd leit fansels yn it Fries Museum. Om krekt te wêzen yn ien fan 'e fitrines fan 'e tentoanstelling 'Ferhaal fan Fryslân'. Doe't it noch heech yn 'e útstalling hong, rûn mannichien der straal oan foarby. Dêrom leit it no sa likernôch oan 'e fuotten fan 'e besiker. Earder dit jier hie it swurd de haadrol yn in bombastyske multymediale pr-kampanje fan it museum. Under de kop 'Friesland raakt zwaard Grutte Pier kwijt' melde nijsbloch *Suksawat* yn maart dat it museum in claim op it swurd ûntfongen hat fan in advokatekantoar út 'e Feriene Steaten. In Amerikaanske



<< De helm fan Grutte Pier op in foto út 1925. Foto: Nationaal Archief/Collectie Elsevier/A. Favier

< It ikoanyske byld fan Grutte Pier, makke troch etser Simon Wijnhouts Frisius (1622)

neikommeling fan in neef fan Grutte Pier, Wijerd Jelckama, soe it as rjochtlik eigner opeaske hawwe. It Fries Museum stelde yn in reaksje dat dit in saak wie dy't alle Friezen oangiet. Al gau dûkten der allegear YouTube-filmkes op fan Friezen dy't it bekende sechje 'Bûter, brea en griene tsiis' opseine. It doel fan 'e ludike kampanje, sa bliek al gau, wie om yn koarte tiid safolle mooglik Friezen stimme te litten op it museum foar de BankGiro Loterij Museumprijs. En dat hat ek wat opsmitten, want it Fries Museum wûn de priis – in som fan hûnderttûzen euro. De fiktive claim op it swurd fan Grutte Pier wie dus eins ynset as lokkebrea. Hoewol't de reguliere Fryske media it foar it grutste part net oppakten, soe it ferhaal neffens it Fries Museum mear as 140.000 minsken berikt hawwe. 'Wat een museum vandaag de dag doet is niet objecten tonen, maar verhalen vertellen', seit Femke Haijtema, haad kommunikaasje fan it Fries Museum. 'En het verhaal van Grutte Pier staat als een huis.' Pier syn swurd waard foar de kampanje keazen, om't it as in ikoanysk foarwerp Friezen op harren sjauvinisme en grutskens oansprekke koe, leit Haijtema út. 'Daarmee wilden we mensen bewust maken van hun geschiedenis en het Friese erfgoed onder de aandacht brengen. De feiten vermengden we met een vleugje fictie om het verhaal de wereld in te krijgen. We dachten dat men het verhaal wel met een korreltje zout zou nemen, maar het werd in groten getale voor waar aangenomen.'

## In kriichstrofee

Oft it swurd sels no winliken fan Grutte Pier west hat, wie fierder gjin tema yn 'e kampanje fan it Fries Museum. Ek al kin dêr in hiel ferhaal oer ferteld wurde. De eardere museumkonservator Nanne Ottema bygelyks, hie dêr yn syn tiid alris twivels

oer útsprutsen. En eins kin elkenien op it earste each wol sjen dat in izeren swurd fan 2,13 meter dreech te hantearjen is, sels foar in grut man, lykas Pier Gerlofs Donia neffens de oerlevering wie. Skiedskriuwer Jacob J. Kalma, auteur fan *Grote Pier van Kimswerd* (1970), dat noch hieltyd de meast yngeande stúdzje fan de histoaryske en legindaryske 16de-iuwske strider is, hat him yndertiid oer dy kwestje bûgd. Hy dûkte djip yn 'e argyfstikken en de kriichsliteratuer, hie korrespondinsjes mei saakkundigen en foar it Fries Genootschap joech er yn 1953 in lêzing oer it tema. Dat Pier in grut swurd hie, is op himsels oannimlik, om't kronykskriuwer Eggerik Beninga al om 1550 hinne oer in swurd fan Pier berjochtet, '*welck sweert he na syn sterckheit heft maken laten, dat em gekostet heeft twaelf cronen.*' It swurd dat yn it museum leit, hawwe Kalma syn ynformanten C.A. Hartmans en Heinz R. Uhlemann datearje kinnen as út Pier syn tiid, fan sirka 1500. Mar se wiisden tagelyk op in Dútske oarsprong fan dat type twahânsswurd, dat ek wol *Zweihänder* of *Bidenhänder* neamd wurdt. It soe nei Fryslân meibrocht wêze kinne troch in Dútske *Doppelsöldner*, in bedreaun hiersoldaat dy't mei sa'n mânsk swurd in bres slaan koe yn fijanlike liny's. Kalma wie dêrom fan betinken dat it hjoeddeiske museumstik net Pier syn eigen swurd wêze koe, mar mooglik in kriichstrofee dy't er op sa'n *Doppelsöldner* ferovere hat. En miskien wie it swurd net ferovere troch Grutte Pier, mar troch Wijerd Jelckama alias Grutte Wierd – dy't wierskynlik net Pier syn neef wie, mar al syn opfolger. Wylst Pier him út 'e striid weromluts en yn 1520 yn Snits op syn bêd ferstoar, sette Grutte Wierd de striid noch inkelde jierren troch, oant er yn 1523 yn Ljouwert ûnder it beulsswurd einige. Soks soe dan neffens Kalma ferklearje kinne hoe't it swurd net yn Snits, mar yn



'Het zwaard van Grutte Pier is duidelijk een *bearing sword*, een ceremonieel voordraagzwaard'

Ljouwert bedarre is. Wol is yn Snits in helm te finen dy't oan Pier taskreaun wurdt, mar dy hat mooglik de eardere stedsskutterij taheard.

Kalma hat him de holle brutsen mei ferskate nuveraardichheden dy't it swurd fan Grutte Pier eigen binne. Sa wykt de útsûnderlike lingte fan 2,13 meter tige ôf fan oare *Zweihänder* út dy tiid, dy't yn 'e regel net langer binne as twa meter. De mysterieuze ynskripsjes op 'e kling – in dûbel smidsmerk, it opskrift 'INRI' en in biskopstêf – soene neffens syn ynformanten ferwize kinne nei de wapensmidden fan Passau of dy fan Solingen. En de achtkantige knop soe neffens Hartmans 'een ondeskundig toevoegsel van veel latere tijd' wêze.

Wat it swurd no eksakt wêze kin en oft it überhaupt wol brûkt is as slachswurd, dêr kamen de eksperts net út. 'Ik geloof niet dat U verder komt', skriuwt Hartmans op 6 jannewaris 1953 yn syn lêste brief oan Kalma. 'Alleen zou het interessant zijn, de verschillende wapens met soortgelijke merken eens naast elkaar te kunnen zien.'

**Bearing sword**

'Tsjja, die correspondenties dateren uit de tijd dat er nog geen internet was en iedereen zich maar wat uit het hoofd uit gelezen boeken moest herinneren', seit wittenskipssjoernalist Carl Koppeschaar oer Kalma syn ûndersyk fan mear as sechstich jier lyn. Koppeschaar, in betûft swurdekenner en -sampler, slút net út dat Grutte Pier it twahânsswurd rôve hat fan in hiersoldaat fan it Saksysk bewâld, mar de provenance fan it swurd fertelt neffens him in oar ferhaal.

It mei dan wol in fierstente grut slachswurd wêze yn ferliking mei in trochsnee *Zweihänder*, mar kin just goed pleatst wurde by in oar type swurd. 'Het zwaard van Grutte Pier is duidelijk een *bearing sword*,' mient Koppeschaar, 'een ceremonieel voordraagzwaard dat bij processies en andere officiële gelegenheden werd gebruikt als symbool van de macht. Het Vaticaan gebruikt ze nog steeds.'

Koppeschaar is der wis fan dat it swurd út 'e biskoplike wurkpleats yn Passau komt, om't de biskopstêf op 'e kling dêrnei ferwiist. De achtkantige knop is dêrby wol wat nuver. It is net fan lettere datum, sa't Hartmans yndertiid tocht, mar tsjut lykas de platte parearstang op in Ingelske kontekst. 'Die knop vind je op nagenoeg identieke *bearing swords* die in Engeland zijn te vinden. Duitse en Oostenrijkse tweehandlers hadden peervormige of ronde pommels.' Sa binne yn 'e Toer fan Londen twa soartgelikense grutte swurden fan 2,27 en 2,31 meter te finen mei sa'n knop. Dy swurden, dy't ek út Passau wei komme, wurde taskreaun oan de 15de-iuwske Ingelske keningen Henry IV en Henry V.

'It idee dat it swurd fan Grutte Pier in fjochtsward is, strykt mei de populêre opfetting oer hoe't der mei swurden fochten waard yn 'e midsiuwen, nammentlik hurd op mekoar yn huffe', seit histoarysk antropolooch Han Nijdam fan 'e Fryske Akademy. 'It ûndersyk fan 'e lêste desennia nei midsiuwske fjochthânboeken, de *Fechtbücher*, en it praktysk rekonstruearjen fan dy techniken litte lykwols sjen hoe avansearre en yngewikkeld dit wie. Swurden dy't swierder binne as sa'n trije kilo waarden yn 'e regel seremonieel brûkt en net bedoeld foar yn in gefjocht.' Koppeschaar hâldt lykwols in slach om 'e earmtakke dat Grutte Pier it swurd dochs brûkt hat: 'Misschien heeft hij zo'n grote tweehander met zich meegevoerd ter afschrikking. Ik sluit dat niet uit, omdat ik zo'n groot en vroeg gedateerd zwaard als dit in de hand heb gehad. Ik heb ermee gezwaaid en kon het als handelbaar betitelen.' Dat swurd, dat sûnt 1875 yn besit is fan it Rijksmuseum en yn it depot yn Lelystêd leit, is 2,06 meter lang en hat lykas Pier syn swurd in achtkantige knop. Yn 'e Westminster Abbey yn Londen leit in 2,21 meter lang swurd, ek mei in achtkantige knop, wit Koppeschaar.



^ Kimswerter skoalbern begeliede it swurd nei it Maritiem Museum yn Rotterdam, 5 july 2012. Foto: Fries Museum

## ‘It fuortsterkjen fan de mytfoarming docht yn myn eagen de leauweardigens fan it museum ûnderstek’

Dy soe neffens de leginde fan de 14de-iuwske kening Edward III west hawwe. Koppeschaar: ‘Gezien de gelijkenis met het zwaard van Grutte Pier lijkt me dat veel te vroeg. Ergens tussen 1420 en 1520 lijkt me een betere schatting voor deze voordraagzwaarden.’ Ynienen falt him ek in *bearing sword* yn ‘t sin dat er yn 2012 yn it Higgins Armory Museum yn it Amerikaanske Worcester sjoen hat. Dat swurd, dat it museum yn 1932 opkocht út ‘e kolleksje fan ‘e Newyorkske bankier en keunstsamler Giovanni P. Morosini, is mei syn 2,12 meter en 6,66 kilo sa goed as identyk oan it swurd fan Grutte Pier. De achtkantige knop en de ynskripsjes op ‘e kling komme folslein oerien, allinne de greep is net mei geitelear, mar mei read fluwiel bedutsen. Sa liket it swurd fan Grutte Pier oer de wrâld hinne famyljeleden werom te finen.

### Twêe blanke zwaarden

De fraach bliuwt hoe’t in seremonieel prosesjeswurd yn Fryslân bedarre wêze kin. De histoaryske boarnen lykje dat riedsel net maklik oplosse te kinnen, hoewol’t Nijdam it net ûnmooglik achtet dat it swurd in seremoniële funksje hie yn it eartiidske Hof fan Fryslân. Neffens in brief fan ‘e gelearde Ubbo Emmius út 1595 wie der yn it Hof in swurd fan Grutte Pier (*‘de ense Longi Pieri in curia’*) te finen. Yn 1725 wurdt it swurd troch François Halma yn it portaal fan it Ljouwerter riedhûs sjoen, tegearre mei in twadde swurd. Halma hat it oer *‘twêe blanke zwaarden van eene ongemeene lengte, die lange Pier en zijnen Neef gevoert zouden hebben’*. Dat swurd fan Wierd dûkt yn lettere boarnen net mear op. Wol soe der neffens in skiednisboek út 1785 in grut swurd lizze op it Camminghaslot op It Amelân, *‘dat gemeenlijk voor een Zwaard van Grooten Pier wordt gehouden’*. Dat slot is lykwols ôfbrutsen yn 1828 en fan it Amelanner swurd is neat weromfûn.

It iennichst oerbleaune swurd fan Grutte Pier wurdt yn 1883 yn brúkklien jûn oan it Fries Museum, dêr’t it yn ‘e rin fan ‘e tiid útgroeit ta kroanjuwiel en kaaistik. By de iepening fan it nije museum yn septimber 2013 spile it swurd in sintrale rol. Nijdam is fan betinken dat it museum fierstente folle gewicht takent oan it swurd fan Grutte Pier. ‘Dêrtroch liket it as moat it wol it echte swurd wêze. It fuortsterkjen fan de mytfoarming docht yn myn eagen de leauweardigens fan it museum ûnderstek.’ In beskiedend momint yn ,e mytfoarming wie neffens Jacob Kalma it befrijingsjier 1945. Foar dy tiid waard it museumstik noch mei foarbehâld oantsjut as it swurd dat neffens de leginde oan Grutte Pier taheard hat. Mar dat feroare yn 1945, doe’t der halje-trawalje in Ingelsktalige brosjuere makke wurde moast foar de Kanadeeske befrijers. It swurd waard doe planút delset as *‘the sword of Great Pier, the Frisian champion of liberty’*. Dy dúdlike taal oer it komôf fan it swurd kaam ek yn lettere museumkatalogy werom en krige yn ‘e kampanje om ‘e Museumprijs fan earder dit jier in status fan fanselsheid.

‘Der bestie al hiel lang in ferhaal oer Grutte Pier en syn swurd’, seit Nijdam. ‘Neffens my is dat ferhaal úteinlik ferbûn oan dit objekt, dat no as it swurd fan Grutte Pier presintearre wurdt. It Fries Museum moat it echte ferhaal fan dit swurd fertelle.’ Mar sels dan miskien sil Kalma syn oanmerking fan tapassing bliuwe ‘dat it greate publyk hyltiten wer kiest foar de opfetting, dat it swurd echt is’. ✚

*De leginde fan Grutte Pier* is beskiedend momint yn de mytfoarming fan Fryslân

*Richard de Boer (1976) is freelance sjoernalist en publisearret ûnder oaren yn De Volkskrant. Hy is ek kommunikaasjemeiwurker by de Fryske Akademy.*

> De flierbedekking fan it Snitser Van der Valk Hotel. Foto: Marja Broersma

### HOE SIT IT EINS MEI PIER SYN SECHJE?

Behalven it swurd is ek it sjibbolet ‚Bûter, brea en griene tsiis‘ ûnskiedber ferbûn mei de legindaryske figuer fan Grutte Pier. Withoefolle Frysksinninge tegeltsjes en oare attributen wurde dermei opsierd en der is hast gjin Fries te finen dy’t net it sechje opsizze kin. Sa’t de leginde hawwe wol, soe Grutte Pier it tongbrekkerssechje brûkt hawwe om freon fan fijân ûnderskiede te kinnen. Mar soks wurdt troch Pier syn tiidgenoaten noch net melden. Mear as oardel iuw nei Pier syn tiid wurdt foar it earst fan dy oerlevering ferhelle troch de klassikus Johannes Hilarides. Yn syn *Naamsporingen van het Platte Friesk* (1687) skriuwt er: ‘Van Groote Pier wort verhaald: dat hy de Hollanders, omze van de Friezen te onderkennen, van gelijken dit voorhield: *Buuter, breea, in griene tijd; iz goe Ingels, in goe Fries*. Die ‘t niet recht sprak, verdrong hy al met vermaak.’ Noch wer oardel iuw letter, yn 1831, komme wy by Paulus Cornelis Scheltema yn syn samling fan Fryske sprekwurden it sechje fan Grutte Pier tsjin yn ‘e fariant sa’t wy dy hjoed-de-dei kenne:

*Boeytter / Brea in griene Tzijs.  
Wa dat naet sizze kin / dij iz nin rjuechte Fries.*

By it neisneupen fan ‘e skriftlike boarnen falt yn it each dat der mear as ien fariant bestien hat fan ‘e formule ‚Bûter, brea en griene tsiis‘ en dat dy net perfoarst wat mei Grutte Pier te krijen hawwe. De âldste fermelding, yn in sprekwurdesamling út 1614, hat it ienfâldichwei oer goede boerekost:

*Buyter en Bræ en t’zijs,  
t’is goe Huwsmanne spijs.*

Fan it sechje dat Hilarides oan Grutte Pier keppelet, bestiet in hast identike Ingelske ferzje, dy’t lykwols taskreaun wurdt oan fiskerlju út East Anglia:

*Bread, butter and green cheese  
is good English and good Friese.*

Yn ‘e literatuer is dizze fariant it klassike foarbyld wurden om de besibbens tusken it Frysk en it Ingelsk mei te yllustrearjen. Der is ek in fariant út Yorkshire bekend, dy’t William Carew Hazlitt opnommen hat yn syn *English Proverbs and Proverbial Phrases* (1869):

*Gooid brade, botter and sheese,  
is gooid Halifax, and gooid Frieze.*

It rymke bestiet yn ferskate farianten dus al inkelde iuwen oan beide kanten fan ‘e Noardsee. Hoelang’t it sechje al yn Ingelân bekend wie, liket histoarikus en frisist Oebele Vries te witten. ‘Der is neffens my noch nea op wiisd dat al yn 1381 Wat Tyler, in soarte fan Ingelske Grutte Pier, yn Londen it sjibbolet *‘Bread and cheese’* brûkt ha soe om de hate Flamingen derút pikke te kinnen’, memorearret Vries. ‘Ik tink dat dat mooglik de boarne is fan ‘Bûter, brea en griene tsiis’.’